

Ut it libben fan in resjersjeur

FDD 20-10-12

Frysk

troch Jaap Krol

Evert Jaarsma is in resjersjeur fan it type ruwe-bolster-blanket. Hy sûpt aardich, yt net sûn en docht syn wurk mei kollega Sigert Tamminga mei frisse tsjinsin. Syn gedrach is fansels wol wat te ferklearjen: syn freondinne Janna is oait ferûngelokke. Jaarsma syn bêste kammeraat is de autistyske Henk, dy't súkses hat mei syn perfekte Tommy Cooper-ymitaasje en swier bememke wurdt troch syn mem. Op in dei komme Evert syn sus Lyske en man Ernie Oosthuizen del. Evert ken syn sus eins net. Lyske wie noch jong doe't se nei Súd-Afrika gie, dêr't se har man kennen learde. It feit dat Ernie in bullebak wie – en noch altyd is – lei fuort in bom ûnder reasje mei de tuskentiids ferstoarne âlden.

Tagelyk mei de komst fan it stel barre der nuvere saken op it doarp. Jonge froulju ride mei de auto it wetter yn om net wer boppe te kommen en op de feestlike jûn fan Henk syn lêste optreden wurdt der immen op freeslike wize fermoarde. Dan is der ek noch de moaie Sil fan de snackbar, dy't Evert nij lok jout, mar in tsjuster ferline hat. Safolle triedden yn in koarte tiidspanne, kin in resjersjeur dat wol oan? Hielendal as Henk him sûnder te freegjen mei de saken begjint te bemuoien?

Nei Guozzeflecht (2010) en It

dak fan de wrâld (2011, Rink van der Velde-priis) is *De lêste trûk* de tredde roman fan Ferdinand de Jong. Ik fyn dit boek tige ûnderhâldend as it giet om it hege ferteltempo en de faak skerpe dialogen. It ferhaal lêst flot wei en hat de meast ûnfoarsjoene kearen, sadat pas yn it alderlêst de klû trochkomt. Tagelyk is dat ek in bytsje de swakte fan it boek: it tempo leit faak sa heech dat guon persoanen net ta libben komme. Oan Ernie en Lyske falt ynhâldlik neat te belibjen. Yn alle opsichten binne se plat en emoasjeleas. Ek Sil is mei har 'raffinearre' metoaden krekt sa dom as tûk. De lêste trûk hat yn syn bettere passazjes wol wat wei fan in strip: goed fan (sfear)tekenings en goed fan toan. No noch wat skerpere wolkjes, stel ik dêr foaroer.

De Jong wurdt troch syn útjouwer brocht as de nije Fryske folksskriuwer. No kin der fansels diskusjearre wurde oer wat krekt in folksskriuwer is. Is dat in auteur fan spannende en tagonklike ferhalen of in chroniqueur fan it folk? Besjogge wy it út it earste perspektyf, dan liket de Jong aardich ûnderweis te wêzen.

i *De lêste trûk. Ferdinand de Jong. Friese Pers Boekery, 17,50 euro*

